

Dorpscanon van Folsgeare

De tsjerke yn Folsgeare fan 1864 oant hjoeddedei



© Foto Stichting Monumenten SWF

De tsjerke yn Folsgeare fan 1864 oant hjoeddedei

De tsjerke yn Folsgeare is neamd nei de hillige Laurentius. Dizze hillige wie diaken by paus Sixtus II en hie de soarch oer de fûnlingen, earmen en wezen. Tsjerken dy't neamd binnen nei dizze hillige, ha gauris in hege âlderdom.

De paus waard op 6 augustus fan it jier 258 finzen nommen en de holle ôfslein.

Laurentius koe earst noch ûntkomme. Hy naam al it jild mei en ferparte dat ûnder de earmen. Fuort dêrnei waard hy ek pakt. Om't de Romeinske Valerianus jildkrapte hie, waard Laurentius útkloarke. Doe't bliken die dat hy al it pauslike jild fuortjûn hie, waard de keizer poerlik. Hy liet Laurentius bewurkje mei gleone refters. Dy liet lykwols neat los. Dêrom waard hy op in roaster lein, dêr't in fjoer ûnder opstookt waard. Nei in skoftsje tiid- alteast sa wol de leginde- rôp Laurentius: „Keere mij om, er is slechts één zijde gaar!”

Ein 18^e iuw is de tsjerke, boud om 1532 hinne, brekfallich wurden en de ûnderhâldskosten nimme ta. It gebou is boppedat te lyts wurden om alle

Dorpscanon van Folsgeare

De tsjerke yn Folsgeare fan 1864 oant hjoeddedei

tsjerkongers altyd in plak jaan te kinnen. It wurdt tiid foar in nije en gruttere tsjerke.

De tsjerke om 1535 hinne op in tekening fan Jacobus Stellingwerf út 1723



Yn 1769 noegen de tsjerkfâden fan Folsgeare in predikant út om mei him ideeën út te wikselen hoe't de nije tsjerke der út sjen moatte soe. Fia it tagongsbrechje oer de grêft geane se troch de súdyngong, de manne-yingong, nei binnen ta.

It earste advys is dat de frouwe-yingong oan'e noardkant, dy't net mear brûkt wurdt, ferfalle kin. Dan steane se yn'e midden fan'e tsjerke stil by de preekstoel, dy't neffens de predikant better efter yn'e tsjerke komme kin op it plak dêr't no de grêftombes fan Hobbe Zyarda en syn frou Foeckel fan Roorda steane. As se wer bûten steane en nei de toer sjogge dy't der tige min by stiet, advisearret de predikant om dizze te ferfangen troch in slanke toer mei in spits.

De tsjerkfâden sette mei dizze advizen nei de gemeenteleden ta. De ideeën wurde posityf ûntfongen. Lykwols, de opteinens foar in nije tsjerke wurdt gâns minder as de finansiële kant fan'e ferbouwing besprutsen wurdt.

Der giet feepest om, fan gefolgen giet it net goed mei de boerebedriuwen. Foar in finansiële bydrage oan in nije tsjerke sjogge de boeren foarearst gjin mooglikheden.

It plan bedarret yn in laad en sil dêr in hiele soad jierren lizzen bliuwe.

Earst yn 1863 geane de tsjerkfâden mei in yntekenlist yn it doarp rûn om te besjen oft it plan finansiël kâns fan slagjen hat. No wurdt der wol royaal jûn, sadat se serieuus oan'e slach geane.

Al gau docht bliken dat der foar én in nije toer én in nije tsjerke net genôch jild beskikber is. It is inkeld mooglik om in nije tjerke te bouwen.

Dorpscanon van Folsgeare

De tsjerke yn Folsgeare fan 1864 oant hjoeddedei

Nei de oanbesteging wurdt de bou gund oan de lokale oannimmer P.W.Twijnstra.


Twijnstra leit nêst de skoalle in tydlike dyk oan foar it ferfier fan it materiaal fan'e ôfbraak fan'e âlde en de bou fan'e nije tsjerke. It gewoane tagongsbrechje nei de tsjerke hoecht sa net brûkt te wurden.

Yn 1864 wurdt de earste stien lein troch de ûnderwizer C. L. Nauta.

Op'e plattegrûn is te sjen dat de advizen dy't yn 1769 jûn waarden, meinommen wurde yn'e bou fan'e nije tsjerke.

De graftombe komt net werom en der komt ien mienskiplike tagongsdoar foar mântlju en froulju. De preekstoel komt efteryn de tsjerke te stean.

De nije tsjerke wurdt neffens plan boppedat in stik grutter as it ôfbrutsen gebou. Wat opfalt is, dat der mar ien rût yn'e noardmuorre komt en dat der oan dizze kant gjin bearen pleatst wurde.



ôfbylding: Rijkdienst van het Cultureel Erfgoed, plattegrûn fan'e tsjerke yn 1864

Fan de âlde tsjerke wurde allinne de preekstoel en de psalmboerden opnij brûkt. Nije stuollen en banken en kessens foar de banken wurde oantúgd en der komme nije bibels. Der komt in nij doopfet mei in massyf mahoankehouten fuotstik ûnder it doopbekken (it âlde doopfet wurdt ferkocht foar 10 gûne)

De grutte portretsark en meardere grêfstiennen út'e âlde tsjerke wurde sekuer bewarre.

Dorpscanon van Folsgeare

De tsjerke yn Folsgeare fan 1864 oant hjoeddedei

It tsjerkhôf wurdt daliks ek oanpakt, it lykpaad wurdt opknapt en der wurde nije beammen oanplante.

Yn 1871 wurdt besletten om it tagongsbrechje tsjin de toer oer, definityf te ferwiderjen en it paad, dat by de bou brûkt waard, tenei as tagongspaad yn gebrûk te nimmen.

De bliidskip om de nije tsjerke duorret mar koart, want al nei in pear jier docht bliken dat de fûndearring net sterk genôch is. It gebou fersakket. Der komme skuorren yn'e muorren en yn 1874 is it te gefaarlik wurden om tsjerketsjinsten te hâlden.


De tsjerkfâden ha in grut probleem: in tsjerke dy't fersakket en gjin jild foar reparasje. Dochs moat der wat barre. De tsjerkfâden geane wer op paad mei in yntekenlist.

Nochris wurdt der gol jûn troch de gemeenteleden. De gemeenten fan Easthim en Abbegea dogge ek mei. (sjoch ek finster: De pastorij fan Folsgeare)

Der wurdt in nij bestek makke en út'e ynskriuwing op 29 Maaie 1875 komt timmerman Willem Walsweer út Twellegea as leechste út'e bus. Hy hat berekkene foar in pear tûzen gûne de nije tsjerke bouwe te kinnen.

Op 1 juny 1875 wurdt it kontrakt tekene.

Boutekening 1875,
Protestantse gemeente Easthim,
Abbegea, Folsgeare



De besteande tsjerke wurdt hoeden ôfbrutsen, om safolle mooglik materiaal wer brûke te kinnen.

Dorpscanon van Folsgeare

De tsjerke yn Folsgeare fan 1864 oant hjoeddedei

De swakke fûndearing wurdt it earst oanpakt. Der wurde 218 heipeallen fan 5.50 meter de grûn yn stamp en hjirop wurdt fierder boud.

Op 8 sept. 1875 wurdt de earste stien lein troch R.T. Abma.

It wurk ferrint flot. Spitigernôch giet tidens de bou timmerman Walsweer fallyt, wêrtroch de planning fertraging op rint.

De nije tsjerke wurdt yn'e rin fan 1876 yn gebrûk nommen.



foto's Atse Bruin

By it binnengean fan'e tsjerke freegje dizze teksten de oandacht

Om 1955 hinne wurdt fêststeld dat de 23 meter hege toer yn't ferval rekket. It sealtek is rottich en lekt, de muorren kankerje yn wêrtroch der stiennen út falle en der skuorren en gatten yn'e muorren ûntstean.

De toer wurdt restaurearre yn 1962. De Steaten fan Fryslân helpe mei oan'e restauraasje mei in ryklik bedrach oan subsydje en de ynwenners binne opnij gol om finansieel oan't wurk by te dragen.

Foar de restauraasje wurde âlde friezen brûkt, deselde stiensoart dy't ek by de bou yn'e 16e iuw brûkt waard.

Dorpscanon van Folsgeare

De tsjerke yn Folsgeare fan 1864 oant hjoeddedei



foto Ljouwerter Krante

De toer foar de restauraasje yn 1962

Yn 1971 wurdt de toer op de “Monumentenlijst van de Rijksdienst voor het cultureel erfgoed” setten. It gebou kriget hjirtroch de status fan beskerme monumint.

Yn 1977 wurdt ek it tsjerkegebou op dizze Monumintelist setten.

Yn 1979 wurdt besletten dat de tsjerke in grutte ûnderhâldsbeurt krije moat. De súdmuorre lit wetter troch, trochdat der in soad foechwurk ferdwûn is. De muorre moat likegoed fan bûten as fan binnen stevich oanpakt wurde.

De bûtenkant fan’ e tsjerke is fierder noch reedlik geef, mar de binnenkant sjocht der tryst út. De binnenbetimmering moat makke wurde en op in soad plakken moat dizze sels hielendal ferfongen wurde. It binnenwurk hat boppedat in wijdweidige skilderbeurt nedich. Oan dizze restauraasje hinget in stevich kostenplaatsje. It doarp graacht opnij in moai bedrach by. Boppedat stelle de “Stichting Zomerzegels” en it “Prins Bernardfonds” in behoarlike subysdzje beskikber.

Dorpscanon van Folsgeare

De tsjerke yn Folsgeare fan 1864 oant hjoeddedei

De tsjerke begroeid mei klimop




foto útjouwerij van der Meulen bv Snits

Yn 1980 wurdt de tsjerke wiidweidich restaurearre. Tidens it wurk wurdt ek de klimop fan'e súdmuorre fuorthelle. It wurk wurdt dien troch timmerbedriuw Wiersma út Folsgeare



foto Wybren Sweering

De foet fan'e preekstoel is ein jierren njoggentich fuorthelle om't der in dûmny beneamd wie mei hichtefreze. Doe't der in nije dûmny kaam, hat timmerman Wybren Sweering út Folsgeare in nije foet ûnder de preekstoel makke yn deselde styl as dy fan'e preekstoel.

Dorpscanon van Folsgeare

De tsjerke yn Folsgeare fan 1864 oant hjoeddedei



Yn 2009 kriget de toer in grutte opknopbeurt

foto Atse Bruin



foto's Atse Bruin



foto's firma Vallinga-de Jong Boalsert



Dorpscanon van Folsgeare

De tsjerke yn Folsgeare fan 1864 oant hjoeddedei

Yn 2016 krije de getten izeren ruten in grutte ûnderhâldsbeurt. De ruten wurde restaurearre en poeier 'coated'. Dêrnei wurde se oan'e binnen-en bûtenkant skildere en tagelyk wurdt alle beglêzing ferfongen.

De tsjerke stiet der no wer tiptop by en kin der foarearst wer efkes tsjin.



It hjoeddeiske
tsjerkegebou

foto Wytske Heida

Colofon

Tekst: Atse Bruin, Wytske Heida

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Atse Bruin, Wytske Heida, firma Vallinga –de Jong, Boalsert, Wybren Sweering, Ljouwerter Krante, útjouwerij van der Meulen bv, Snits

Ofbyldingen: Stichting Monumenten SWF, Rijksdienst van het Cultureel Erfgoed, Protestantse gemeente Easthim, Abbegea, Folsgeare

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.

Dorpscanon van Folsgeare

De tsjerke yn Folsgeare fan 1864 oant hjoeddedei
